
Redaksjoneel

De ‘tsientûzen dingen’ fan de literatuer

Hoe krijst it foarinoar? Hoe skriuwst wat goeds? Mar wat is goed? Hoe winst in priis?

Oan dy fragen sitte withoefolle kanten. En oan 'e antwurden ek.

Yn Klassike Sineeske teksten, sa as it oan Lao Zi taskreaune daoistyske kearnboek *Daodejing* ('De wei fan de Tao en de inerlike krêft') wurdt de útdrukking 'wànwù' brûkt. Wànwù betsjut 'De tsientûzen dingen' en dêr wurdt dan mei bedoeld 'in ûneinich grut tal dingen'.

4

Under de literêre sinne besteane 'tsientûzen dingen', it ferskaat oan literêre uteringen is ûneinich. Wat skriuwers krekt besielet en hoe't dêr troch de bûtenwacht tsjinoan sjoen wurdt, it ferskaat dêryn is ek ûneinich.

'De tsientûzen dingen' is in prachtige útdrukking, in útdrukking dy't oansprekt, ik tink om't de betsjutting derfan paradoksaal is. De útdrukking stiet foar 'ûneinich', mar dat ûneinige wurdt útdrukt mei in krekt getal: tsientûzen. Behalve op in ûneinige mannichte slacht it begryp ek útdruklik op de rykdom sûnder grinzen/oan kleur fan alles wat om ús hinne is. Dat makket it begryp noch moaier.

Minsken besykje har fan it ûnbeneambere in foarstelling te meitsjen, skriuwers besykje it ûnbeneambere ûnder wurden te bringen, it beneamber te meitsjen. Mar lêzers fan en skriuwers oer literatuer meitsje fan in boek, in ferhaal, in gedicht elk har eigen boek, ferhaal of gedicht.

Yn it tydskrift *Literair Paspoort*, wurdt yn nr. 294, 1982, û.o. omtinken jûn oan de Eastenrykse auteurs Peter Altenberg (1859-1919) en Georg Trakl (1887-1914).

Theo van Baaren skriuwt yn it essee 'Georg Trakl' (*Literair Paspoort* (Thema: Het Weense fin de siècle), nr. 294, 1982): 'Trakl is yn syn ripe poëzy de dichter wurden fan de ivige notiid. Net allinne brûkt er yn syn ripe poëzy hast allinne

de notiid, of soms de like statyske ûnfolsleine doetiid, mar de dynamyk fan syn fersen ûntstiet paradoksaler wize troch it nei-inoar pleatsen fan statyske rigels:

De bjirken dêr, de swarte toarnbeistrûk,
Ek flechtsje gedaanten, yn reek opgien.
Helgrien bloeit en it oare ferwile
en podden slûpe troch it jonge krûd

Trakl wie him dêrfan bewust. Van Baaren sitearret út in brief fan Trakl oan syn freon Erhard Buschbeck: 'myn byldzjende wize, dy't yn elke rigel fan in fjouwerrigelige strofe fjouwer ôfsûnderlike bylden ta in inkele yndruk gearsmeit.'

Yn it essee 'Peter Altenberg en het Weens fin de siècle' sitearret Wil Rouleaux inkele útspraken dy't Altenberg dien hat yn foaropwurden by guon fan syn boeken. Yn 1901 yn *Was der tag mir zutragt*: 'Ik wie jurist sûnder rjochtestúdzje, medikus sûnder medisinen studearre te hawwen, boekferkeaper sûnder boeken te ferkeapjen... en by einsluten bin ik dichter wurden sûnder gedichten te skriuwen. Want binne myn lytse fuortbringsels gedichten? Absolút net. It binne ekstrakten. Ektrakten fan it libben. It libben fan de siel en de tafallige dei, ta twa oant trije siden ynsean. Fan it oerstallige befrijd sa as kowefleis yn in bûljonblokje. It is oan de lêzer om dy ekstrakten op eigen krêft wer op te lossen, yn ytbere bûljon te feroarjen, te sieden yn de eigen gedachten, om koart te gean, tin en bekomsum te meitsjen... Ja, ik hâld fan de koarte baan, de telegramstyl fan de siel! Ik wol in minske yn ien sin beskriuwe, in ûnderfining fan de siel op ien side, in lânskip yn ien wurd!' Yn 1909 yn *Bilderbogen des kleinen Lebens*: 'Men kin in roman skriuwe fan 200 siden, en dy is treflik. Men kin itselde yn trije siden sizze, en it is ek treflik.' En noch wer letter, yn 1919 yn syn lêste boek, *Lebensabend*: 'Wêrom sil men net alles better yn tweintich rigels sizze kinne – direkter, radikaler, ûnferbidliker, resoluter – as yn tweintich oant fyftich siden, yn gedichten binne fersrigels en rym hinderlik. Dus meitsje moaie, djippe "gedichten" sûnder dat gedoch'. Dan krijst in proazagedicht, seit Rouleaux dêrachteroan. Literatuerwittenskipper Rouleaux jout yn it essee fansels ek syn betinken oer Altenberg: 'De foarleafde fan Altenberg foar de koarte foarm wie foar in part in bewust stylprinsipe. mar sil dêrfoaroer ek wol fuortkommen wêze út epyske of faaks wol fysike ûnmacht. Al moat ta fersêfting fan dat lêste fuort opmurken wurde dat krekt in hiel soad ympresjonisten, dêr't wy Altenburg sûnder mis ta rekkenje kinne, de koarte baan as harren favorite domein beskôgen.'

Mar wannear is in tekst no goed? Sawol wat foarm as wat ynhâld oangiet, sille de ûnderskate eleminten har yn alle gefallen sa ta-inoar ferhâlde, dat se inoar fersterkje, dat it past, dat it kloppet.

Om werklik wat eigens nei foaren te bringen dat in lêzer oansprekke kin, sille in tal grûnslaggen ûnmisber wêze: in krêftige fokus, de driuw ta in eigen oanpak en styl, en in oanhâldend omtinken foar wat men no krekt mei de tekst dêr't men mei oan 'e gong is, útdrukke wol, útdrukke kin.

En dêr is talint foar nedich. En de iene hat dat mear as de oare. En de iene hat krekt talint dêrfoar en de oare foar in oar soarte literatuer.

En hoe winst no in priis? It moat der yn alle gefallen wat op lykje en it sil altyd sa wêze dat it iene der mear op liket as it oare. Der binne konkurrinten dêr'tst boppeút stige moatst. By de beoardieling dêrfan kinne/sille ynearsten objektive kritearia de haadrol spylje, mar op in stuit folget de oergong fan objektiviteit nei subjektiviteit, nei smaak, nei wat de ien fan literatuer ferwachtet en wat de oar, nei wat de iene geweldich fynt en de oare ta weismitten keard.

En by beoardieling fan literatuer sil it altyd sa wêze: it is de beoardieling op in bepaald momint yn de tiid, oer hoe't de wrâld derhinne leit, oer hoe't op dat momint oer literatuer tocht wurdt en wat derfan ferwachte wurdt.

Wat no skreaun wurdt is hoe dan ek in reaksje op de wrâld fan no. En de beoardieling dêrfan in reaksje fan dy wrâld. En dy reaksjes en kettingreaksjes besteane mei-inoar út 'tsientûzen dingen'.